

Twa kear Reinder Strikwerda

Tresoar hat sûnt ferline hjerst in argyf mei Fryske autonûmers fan foar 1922. Dêrby is ek dat fan it eardere PC-lid Reinder Strikwerda. Dy wie fan 1910 oant syn dea yn 1929 ponghâlder fan de kommisje. Strikwerda syn auto, mei as kenteken B372, ôfjûn op 27 augustus 1907, is fansels al lang út de tiid, mar 'Het witte huis' bestiet noch altiten.



PC-lid Reinder Strikwerda syn auto foar "Het witte huis" yn Olterterp.
(Foto: Fries fotoarchief Tresoar)

It keatsen siet de famylje Strikwerda yn it bloed. Reinder syn soan Tsjalling wie keatser en keatsleafhawwer en dat lêste jilde ek foar syn pakesizzer, de op 23 oktober 2006 ferstoarne Rein(der) Strikwerda, 76 jier âld. Dy wie net allinnich ûnder Fryske keatsers 'mei in stikken skouder' bekend, as 'knibbel-dokter' wied er lanlik ferneamd. Yn 2000 iepene Reinder Strikwerda ûnder grutte belangstelling de simmerútstalling 'Keatsen om utens: het Friese kaatsspel buiten Friesland' yn it Keatsmuseum te Frjentsjer. Strikwerda, yn syn jonge jierren in beoefener fan atletyk, hie oars belangstelling foar sport



Reinder Strikwerda hâldt syn iepeningstaspraak (29 juny 2000).
(Foto: Pien Breuker-van der Eems)

en sporthistoarje yn it algemien. Sa wied er ien fan de meidoggers oan in sporthistoarysk kongres op 24 septimber 2005 yn it Olympysk Stadion yn Amsterdam. Syn oarspronklik yn *Voetbal International* ferskynde (fuotbal-medyske) columns binne yn 1999 ûnder de titel *Blessuretijd* by Thomas Rap ferskynd.

De redaksje